

earste fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger Hear, iepenje my de lippen
gemeente Myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente Heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede;
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken,
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht,
as jo, waans each my jimmer socht,
yn leafde nei my sjogge;
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earme sûnder, dogge;
lied my, bied my,
jo beskerming,
jo ûntferming,
wêz' myn rêste,
as de ierdske ljochten dwêste

psalm psalm 6

antifoan ynein bin ik fan suchtsjen

psalm psalm 6: 1, 2 en 3

moat ik, o hege heare,
jo strange straf ferneare,
jo hurde hân trochstean,
toan jo dan myld en mijen
en lit my jo kastijen
as leafde ûndergean

hoe moast jo skrik my reitsje;
wol my wer better meitsje,
ik bin sa bang, sa bang;
myn dagen en myn nachten
fergean' yn lûde klachten,
en jo, myn God, hoe lang?

betink my wer te'n goede
en nim my yn jo hoede;
wa sil yn 't deade stof
noch fan jo gloarje witte,
kin 't grêf jo leafd' útmjitte
en sjonge fan jo lof?

antifoan ynein bin ik fan suchtsjen

I o heare, wol my net yn lilkens kastije,
 II net yn grammoedigens rjochtdei oer my hâlde;
 I wês my goedgeunstich, heare, want ik ferkwyn,
 II meitsje my wer better, want de skrik sit my yn 'e lea,
 I ja myn siel is kjel wurden bûten roai
 II en Jo, heare, hoe lang noch?
 I kom werom, heare, rêd myn libben,
 II ferlos my om jo goede geunst;
 I want yn 'e dea tinkt gjin minske oan jo,
 II yn it deaderyk, wa sil jo dêr priizje?
 I ynein bin ik fan suchtsjen,
 II elke nacht lis ik yn triennen,
 I op myn bêd skriem ik my oan wetter,
 II flau waarden myn eagen fan fertriet,
 I+II se binne my weilutsen fanwegen myn benearders,
 I gean allegear by my wei, jimme, kweaminsken,
 II want de heare hat nei myn lûd geskriem harke,
 I harke hat er nei myn smeekjen,
 II de heare nimt myn bidden oan;
 I mar se sille beskamme stean, alhiel ferbûke,
 II al myn fijannen sille tebek moatte en ynienen beskamme stean

 I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast,
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoon ynein bin ik fan suchtsjen.

psalm psalm 6: 4, 5 en 6

by 't fallen fan 'e jûne
 baarnt wer de wrede wûne
 fan falskens en ferried,
 dy't op myn libben loere
 bringe my oer' oan oere
 ta triennen fan fertriet

gean by my wei, godleazen,
 dy 't kwea as master keazen;
 de hear ferlit my net;
 'k sloech amper 't each nei boppen,
 of hy fernaam myn roppen
 en hearde myn gebed

wêr bin no dy ferkearden,
 hja dy't myn dea begearden,
 no't God har 't fonnis sei,
 stean hja alhiel beskamme,
 as fan 'e skrik ferlamme,
 ien wink en hja bin wei

antifoon ynein bin ik fan suchtsjen.

lêzing Mattéus 12: 14-21

Nei ôfrin leinen de Fariseeërs oer, hoe't se him út 'e wei romje soenen. Mar Jezus hie harren yn 'e rekken en gong dêr wei. In macht folk folge him. Alle siken makke er better, mar hy skerpe harren yn, syn namme net te neamen, dat útkomme soe, wat profeet Jesaja sein hat, 'sjoch, dit is myn soan, dy't ik útkard haw, myn ynleave jonge, dêr't ik sa wiis mei bin; myn geast sil ik op him rêste litte en hy sil de heidenfolken ferkundigje, wat rjocht is. Tsiere en roppe sil er net en op 'e strjitte sil men syn lûd net hearre. It kniesde reid sil er net ôfbrekke, it swakke flaaksflamke net útblaze, oant troch him de gerjochtheid it wint. Op him sille de heidenfolken har hoop sette.'

meditaasje It ljocht is kommen, syn namme is Immanúel. God by minsken en dat merke jo. It ljocht is kommen en it begjint te skinen foar Israel en de folken. Frjemd om dan te hearren, 'meitsje myn namme net bekend'. Yn tsjerke dogge wy dochs net oars? Dochts hat dat te krijen mei hoe't de dingen by God geane. Earst komme syn dieden, dan syn wurden. Earst komt it berntsje en salang't it in berntsje is, bliuwt it stil. Pas

mei tritich jier, as Jezus syn wurk dwaan kin, hearre wy wer wat. Dan noch: earst komme de siken, dan pas de ferkundiging fan syn namme. Want it giet net om it ljocht, mar wêr't dat ljocht op skynt.

It ljocht lit ús de wrâld fan de geast sjen. It skynt op ús werklikheid en Gods genede. Mar dêr is tiid ta nedich. Sels it skerpste ljocht hat tiid nedich om troch de romte te reizgjen nei de dingen dy't it beskynt en dêr wer wei nei ús each. Fan ús each nei ús senuwen, fan ús senuwen nei ús ferstân, it is soms in lange wei. As it ljocht dêr ien kear komt, as wy it talitte, de werklikheid fan 'e geast sjen wolle, kinne wy yn in eachwink feroarje, better wurde. Wint de gerjochtichheid. Sa't Jezus de dea yn ien koarte nacht fersloech.

Doe wisten de minsken wat syn namme betsjutte, koenen se dy bekend meitsje. Mar hoe lang dogge wy deroer om te sjen wat Jezus ús sjen litte wol? Hysels hie in libben lang wurk om syn doel te berikken. Lokkich binne wy as wy it yn 'e selde tiid oprêde.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean
nei 't wurd fan jo genede;
't is klear sillichheid,
dy't foar myn eagen leit
en 't hert hat inkeld frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't it ljocht sjocht
mar net wit wat dat betsjut
en wy roppe

gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde foar dy't net witte wolle
har eigen wurgens en triennen
sa roppe wy

gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger
en wy roppe

gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de syktocht oandoare,
dy't yn ús eigen libben begjint,
dat wy leare wat it is om te harkjen
en te helpen wat kniesd en brutsen wie,
jo rjocht sykje
en dêr de hannen foar iepen dogge,
dêrom bidde wy mei-inoar,

gemeente ús heit yn'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea,
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe

en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen.

jûnsljet

gesang 396

it âlde jier is no foarby,
barmhertich God, jo tankje wy,
jo haww' yn 't jier dat no ferrûn
jo geunst en jo beskerming jûn

wy bidde jo, o iiv'ge soan,
dy't hearskj' yn heite hege troan,
wês jo ek yn dit nije jier
jo earne kristenfolk net fier

ûntkear jo hillich wurd ús net,
dat stip' en stjoer jout oan ús hert
o 'geast, hâld ús yn alles frij
fan dwaling en ôfgoaderij

help ús de sûnde tsjin te stean
en op 'e smelle wei te gean,
byn ús net fêst op âlde skuld,
haw ek fan 't jier mei ús geduld

lit ús as krist'nen ta jo ear'
libj' en yn frede stjerre, hear,
dat op 'e jongste dei ús each
oanskôget wat gjin each oait seach

en dat wy jo barmhertichheid
loovj' oant yn alle ivichheid,
al is ús leauwen swak en tear,
besterkje jo it, trouwe hear

seine

foargonger

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre

gemeente

amen

twadde fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breugman neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken,
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht,
as jo, waans each my jimmer socht,
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast,
my, earme sûnder, dogge
lied my, bied my,
jo beskerming,
jo ûntferming,
wê' myn rêste,
as de ierdske ljochten dwêste

psalm psalm 19

antifoan meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

I de himel ferhellet Gods gloarje,
II fan wat syn hannen makken fertelt it ferwulft,
I de iene dei jout de oare sprake troch,
II de iene nacht leart de oare wittenskip,
I sûnder te sprekken en sûnder wurden,
II sûnder dat men har lûd fernimt
I en dochs rint har lûd de hiele ierde oer,
II oan 'e einen fan 'e wrâld ta har spraak,
I dêr middenyn hat er de sinne in tinte set,
II dy komt as in breugeman út syn sliepstee wei,
I+II optein as in held om syn baan te rinnen,
I oan 'e iene ein fan 'e himel set er út ein
II en syn omgong rint oan 'e oare ein ta
I+II en neat bliuwt foar syn gloede ferburgen

antifoan meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

psalm psalm 19: 1, 2 en 3

de himel sjongt in liet en oer de loftten giet
de melding fan Gods macht,
de dei jout oan de dei dat hearlik boadskip mei,
de nacht seit it de nacht,
mar wurden bin der net, in sprake wurdt net heard,
gjin lûd, foar 't ear te heinen,

dochs nimt yn kleare taal dat wûndere ferhaal
syn rin oant ierdryks einen

God hat oan himels ein de sinn' in tinte opslein,
syn útgong yn 'e romt'
yn gloarje giet er dan, as wie 't in breugeman,
dy't út syn keamer komt,
ja, as in held fol moed stiicht hy yn gouden gloed
de jonge dei temjitte,
skynt mei syn glandich fjoer de hiele himel oer
en neat ûntkomt syn hjitte

de wet fan Isrels God is ús in rike skat,
dy jout ús hâld en kear,
wa't freget om de wei dielt hja de wysheid mei,
de rjocht' en reine lear,
wat Gods befele ús seit bringt trou en suverheid,
dy't 't hert fermeitsje kinne
en wa't yn tsjusternis de paden bjuster is,
kin hjir it ljocht wer winne

antifoon meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

I de wet fan de heare is folslein
II en set it libben wer yn 'e fleur,
II it tsjûgenis fan de heare is betrouber,
II it makket de ûnbedreaune wiis,
I de oarderingen fan de heare binne rjochtút,
II hja meitsje it hert tige bliid,
II it gebod fan de heare is suver,
II it jout de eagen wer glâns,
II it ûntsach foar de heare is suver,
II it bliuwt foar altyd bestean,
I de útspraken fan de heare binne wis,
II hja rêste allegearre op it rjocht,
I mear te begearen binne se as goud,
II mear as in heap fyn goud,
I swieter as hunich
II en wat út hunichskiven brekt

antifoon meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

psalm psalm 19: 4, 5 en 6

by 't tsjinjen fan de hear wurdt sels de dize klear,
wat smoarch wie, skjien en rein,
troch 't foarskrift dat hy jout wurdt lok en leafde boud
en 't kwead' oan bannen lein,
syn rjochten bin gjin lêst, mar bringe fred' en rêst,
dy't mear as goud ferrykje,
hja jouwe heech geniet, gjin huning is sa swiet,
of kin dy oait belykje

sa jout jo heech gebod my stip' en stjoer, myn God,
in moanning ier en let,
en wa't yn dizze wrâld him oan jo wetten hâldt,
syn lean ûntgiet him net,
wa ken himsels, wa wit, wat yn 't ferburgen sit,
wa dy't syn hert behoede,
jo, hear, trochgrûnje my, o sprek jo tsjinner frij
fan wat gjin mins fermoede

hâld dan jo feint werom, dat hy oprjocht en from
en frij fan wize waan,
him net oan 't kwea ferliest, mar goede wegen kiest,
om nei jo wil te dwaan,
hâld my fan sûnde fier, meitsje myn wurden wier,
dat ik, sa't jo 't begoare,
by wat ik tink en doch, jo yn 'e eagen sjoch,

myn rots, myn heil, myn heare

antifoan meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

I ek jo tsjinner lit der him troch warskôgje,
II dat te ûnderhâlden leannet tige,
I mar it ferdwalen, wa hat dêr berekken op,
II sprek my frij fan myn ferburgen kwea,
I wol ek jo tsjinner foar oermoed bewarje,
II dat dy my net oermânsk wurdt,
I+II dan bin ik ûnbesprutsen en frij fan slim fergryp,
I meie de wurden fan myn mûle
II en wat myn hert oertinkt,
I+II jo nei 't sin wêze, heare, myn rots en myn ferlosser

I eare oan de Heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer, en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan meie de wurden fan myn mûle jo nei 't sin wêze

lêzing Jehannes 1: 19-34

Dit is Johannes syn getugenis, doe't de Joaden út Jeruzalem prysters en Leviten stjoerden om him te freegjen, 'wa binne jo?' Hy kaam der rûn foar út, sûnder him derfoarwei te winen, 'ik bin de messias net.' Doe fregen se him, 'wat dan, binne jo Elia?' Hy sei, 'dy bin ik net.' 'Binne jo de profeet?' Hy antwurde, 'nee.' Doe seinen se tsjin him, 'wa binne jo dan al, wy moatte ús opdrachtjouwers dochts útslútsel jaan, wat sizze jo fan josels?' Hy sei, 'ik bin de stim fan ien dy't ropt yn 'e woestyn, sljochtsje it paad foar de hear, lykas de profeet Jesaja sein hat.' Der wiene ek ôfgesanten fan 'e Fariseeërs by. Dy fregen him, 'wêrom dope jo dan, as jo de messias net binne en likemin Elia of de profeet?' Johannes joech harren ta antwurd, 'ik doop mei wetter; tusken jimme yn stiet ien, dy't jimme net kenne, ien dy't nei my komt, ik bin te min om de riemen fan syn sandalen los te meitsjen.' Dat spile him ôf yn Betanië, oan 'e oare kant de Jordaen, dêr't Johannes oan it dopen wie. Doe't er de oare deis Jezus op him ta kommen seach, sei er, 'dêr is it laam fan God, dat de sûnde fan 'e wrâld weinimt; hy is it, dêr't ik fan sei, 'nei my komt in man, dy't my dochts foar is, want hy wie der earder as ik, ik koe him ek net, mar om him oan Israel bekend te meitsjen, dêrom bin ik kommen mei myn wetterdoop.' Johannes ferklearre ek, 'ik haw de geast delkommen sjoen as in do út 'e himel en hy bleau op him sitten; ik koe him ek net, mar dy't my stjoerd hat om te dopen mei wetter, dy hat tsjin my sein, 'ast ien sjochst dêr't de geast op delkomt en op rêsten bliuwt, dan is dat dejinge dy't doopt mei de hillige geast,' ik haw it sjoen en iepentlik ferklearre, dat is de soan fan God.'

meditaasje It ljocht fan God komt út 'e himel. Gjinn better byld dêrfoar as de sinne. Mar om op ierde te kommen, moat it ljocht fan 'e sinne troch in dampkring hinne, wurdt it ek brutsen troch it wetter. De sinne fertelt ús net hoe't wy libje moatte. Dochts stjoert God just dêrta syn ljocht. Dêrom lit er it dêr net by, bringt hy syn ljocht ûnder wurden. Pas as jo de wet hearre, kinne jo ek réagearje. Kinne de wurden en de dieden fan ús komme sa't God se hawwe wol.

Yn 'e bibel hearre wy dat it ek mei wurden net ta kin. God syn wurd moat minske wurde. In ûnbeweglik gebod moat ta fleis en bloed wurde. Letters neist elkoar wurde dieden nei elkoar. Dat wurdt foarúttekene mei Jezus syn doop. Want troch it wetter hinne komt it ljocht pas op ierde. Ivich ljocht wurdt brutsen yn 'e tiid.

It wurd wurdt brutsen, it antwurd oprutsen. God hat oan ús 'ja' of 'nee' genôch. Wy hoege it net iens te sizzen, it kin mei ien kear útsprekken ta yn ús hert. Mar om safier te kommen, krije ek wy de tiid. Wy meie begjinne mei tinke en freegje, prate en wize. 'is dit him, ja, dit is him'. 'Wat is hy' en sa fierder. Jezus is de stien yn 'e fiver fan 'e minsklike skiednis. It weagjen en baarjen dêrfan binne de réaksjes dy't altyd noch trochgeane. 'Sjoch, it laam, sjoch, de soan'. De iene rimpel lokket de oare út. Golven, dêr't ús geloof op mei op en del dinet. Tiid, dy't wy krije. Om ien kear, as wy safier binne, ús falle te litten op 'e rots dy't op 'e boaiem leit.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei't wurd fan jo genede,
't is klear sillichheid,
dy't foar myn eagen leit,

en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't it ljocht wol sjocht
mar it wurd net heart
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar dêr't net ien by stilstiet,
om te wizen op it laam fan God
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

gemeente

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wij net ferjitte te sjen,
dat hy alle sûnden meinimt,
dat wy net ferjitte te sizzen,
dat elk minske frij wurdt by jo,
just tsjin dy iene,
dy't oan 'e kant fan ús paad sit,

gemeente

dêrom bidde wy meiinoar,
ús heit yn 'e himel
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde, op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,
en lit ús net yn fersiking komme mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen.

jûnsliet

gesang 387

oan jo de lof, de dei is dien,
jo mylde hân is mei my gien,
lis no almachtich, sterk en tear,
jo wjokken oer my hinne, hear

ferjou my om jo soan, dy't stoar,
dat ik de dei mei kwea bedoar,
yn frede mei de wrâld en jo,
lit my mar sillich sliepe no

lear my te libjen from en frij,
as waard it grêf in bêd foar my,
en lear my stjerren ta de dea,
om op te stean yn 't dagerea

o, lit my rêst' yn jo bewâld,
dat neat my steurt en wekker hâldt,
sadat ik yn 'e nije dei,
mei nije krêft jo tsjinje mei

as ik yn 't tsjuster wekker lis,
belûk my yn jo heimenis,
dat yn 'e dream gjin kweade macht
my fynt en ferget yn 'e nacht

lof oan de heare, ier en let,
lof oan de heit, dy't nei ús heart,
lof oan de soan, it offerlaam
en oan de geast, dy't oer ús kaam

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

trede fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht
as jo, waans each my jimmer socht
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earme sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming,
jo ûntferming
wêz' myn rêste
as de ierdske ljochten dwêste

antifoon al den dei betinke se leagens

I o heare, kastij my net yn likens
II en hâld net yn grammoedigens rjochtdei oer my,
I want jo pylken sjitte yn my del
II en jo hân slacht my pynlik,
I der is gjin gevens mear oan myn fleis troch jo likens,
II neat gjin sûnens oan myn lea om myn sûnde,
I want myn skuld waakst my boppe de holle,
II it is in fracht, my fierstente swier,
I myn wûnen rûke en drage
II fanwegen myn dwaasheid,
I ik bin ferslein en slim ferbûke,
II al den dei rin ik yn rouklean om,
I want de heupen steane my yn 'e brân,
II gjin gevens is mear oan myn fleis,
I ik bin ynein en alhiel tebrutsen,
II ik skreau it út mei in skriemend hert

antifoon al den dei betinke se leagens

psalm psalm 38: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

wol jo grime my besparje, hear, bewarje
my foar jo grammoedichheid,
sjoch, hoe't my jo pylken stekke, swier bin 'k rekke
fan jo hân dy't op my leit
'k haw myn sûnd' aloan foar eagen troch jo pleagen,
neat oan my bleau geef en hiel,

'k fiel de skuld dy 'k ha te dragen op my wagen
as in lêst op liif en siel

wûn' op wûn' begjint te blieden om myn dieden,
yn jo eagen dwaas en dom,
hiel myn lichem is ûntstutsen, slein en brutsen
rin ik yn 'e rouwe om

hoe't de koarts myn lea trochflimet, alles himet
en bedarje wol it net,
'k rop it út, ferlegen fan de skamt' en skande,
o hoe bûnzet my it hert

antifoon

al den dei betinke se leagens

I al myn begear leit foar jo bleat, hear,
II myn suchtsjen is foar jo net ferhoalen,
I it herte jaget my, myn krêft is fergien,
II ik haw sels gjin ljocht mear yn 'e eagen,
I freonen en buorlju hâlde har fier fan myn lijen
II en myn sibben bliuwe op in distânsje stean,
I dy't my hawwe wolle, sette in strûp,
II dy't op ûnheil briede, prate oer misdieden,
I+II al den dei betinke se leagens,
I mar as wie ik doof, ik harkje net,
II as wie ik stom, ik doch gjin mûle iepen,
I ik lykje op in man dy't net hearre kin
II en dy't gjin werwurd yn 'e mûle hat

antifoon

al den dei betinke se leagens

psalm

psalm 38: 5, 6 en 7, *lieteboek foar de tsjerken*

al myn langst wol 'k iepenlizze, jo wol 'k sizze
wat ik suchte, wat ik tocht,
moed en krêften bin ik bjuster, yn dit tsjuster
daget nearne heil of ljocht

dy't har earst myn freonen neamden wurd' as frjemden,
wa bliuwt yn 'e need my nei,
'k sjoch myn fijân strûpen spannen, boaze plannen
wurde útbret dei oan dei

doof slút ik foar har petearen beide earen,
stom, oft ik net prate koe,
'k haw myn lippen wol behoede, dat yn woede
my gjin wurd ûntkomme soe

antifoon

al den dei betinke se leagens

I want op jo, heare, wachtsje ik,
II jo sille antwurdzje, hear, myn God,
I want ik tink, om my sille se gjin wille ha
II en oer my net grut dwaan, as ik stroffelje,
I want ik, ik bin nei oan 't fallen ta
II en myn leed haw ik altyd by my,
I want myn skuld wol ik wier wol wêze
II en myn sûnde sit ik slim oer yn,
I myn fijannen sûnder reden binne sterk
II en myn haters sûnder oarsaak binne manmachtich,
I sy ferjilde my kwea foar goed,
II se binne tsjin my, as ik it goede dwaan wol,
I lit my net sitte, heare,
II myn God, bliuw net fier fan my ôf,
I meitsje oan en help my,
II jo, myn hear, myn rêder

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoon al den dei betinke se leagens
psalm psalm 38: 8, 9, 10 en 11, *lieteboek foar de tsjerken*

mar, myn hear, op jo betrou ik, op jo bou ik,
wol myn roppen hear', o God,
jou dit faai bestean dy mannen net yn hannen,
dy't my krinke mei har spot

och, ik wit net wêr't ik gean moat, wêr't ik stean moat,
al myn hope is ferflein,
slim haw ik tsjin jo oertrêde, wol my rêde,
hear, ik bin myn rie te'n ein

dy't my haatsje, giet it tige, sjoch, hja drige,
drystwei kringe s' op my ta,
kwea wurdt my foar goed betelle, skimp' en skelle
oer myn goeddwaan dogge hja

lit, o God, my net allinne, hear, jo binne
dochs net fier en frjemd fan my,
kom, no't my de need oerstjelpe, wol my helpe,
gean jo tsjinner net foarby

antifoon al den dei betinke se leagens

lêzing Jehannes 4: 27 - 42

Op dat stuit kamen syn learlingen deroan. Dy seagen der nij by op, dat er mei in frou yn petear wie, lykwols frege net ien him, 'wat wolle jo dêrmei' of, 'wat beprate jo mei har'. Doe liet de frou har wetterkrûk stean, rûn nei de stêd en sei tsjin 'e lju, 'kom, sjoch, dêr is in man dy't my ferteld hat, wat ik allegear dien haw, soe dat de Messias net wêze'? Doe rûnen se ta de stêd út nei him ta. Underwilens stienen de learlingen der by him op oan, 'rabby, nim wat iten'. Mar hy sei tsjin harren, 'ik haw wat te iten, dat jimme net kenne'. De learlingen seinen tsjin inoar, 'hat ien him dan soms iten brocht' ? Sizze sei tsjin harren, 'myn iten is, dat ik de wil doch fan him dy't my stjoerd hat en dat ik syn wurk folbring. Sizze jimme net, it hâldt noch fjouwer moanne oan, dan komt de tiid fan sichtsjen? No dan, ik sis jimme, doch de eagen iepen en skôgje de fjilden, se binne wyt, ryp om sichte te wurden. No al bart de sichter lean en hellet de frucht byinoar, om der ivich fan te libjen, dat de siedder en de sichter tegearre bliid wêze meie. Sadwaande komt it sprekewurd út, dat seit 'de iene sieddet en in oaren hellet de frucht yn'. Ik haw jimme útstjoerd om fruchten yn te heljen dêr't jimme net foar wrotten hawwe, oaren hawwe wrotten en jimme falt de frucht fan har skreppen samar ta'. Yn dy stêd kamen frijwat Samaritanen derta, yn him te leauwen troch de ferklearring fan 'e frou, 'hy hat my ferteld, wat ik allegear dien haw'. Doe kamen se by him en fregen him, oft er by harren bliuwe woe, en hy bleau dêr twa dagen. Noch folle mear begûnen te leauwen om syn ferkundiging en se seinen tsjin 'e frou, 'wy leauwe net mear om wat jo sein hawwe, wy hawwe it no ommers sels heard en wy witte dat dizze man wier-wier de rêder fan 'e wrâld is'.

meditaasje Minsken prate graach oer minsken. Mar wat sizze minsken oer elkoar? Is it de wierheid? Dy't ien kear yn in minne hoeke sit, wit wol better. Minsken dogge jo gjin rjocht. Minsken witte net wat him beweecht yn jins hert. Minsken witte net wat jo fiele. Mar se prate al. Al den dei betinke se leagens. De frou dêr't Jezus mei prate, hat dat field as gjin oar. Dat se net goed siet, wist se sa ek wol. Mar wat se dêroer hearre moast. De oardielen op grûn fan ûnferstân. De dommens en de hurdens fan minsken dy't leaver prate as tinke. Elkenien sil syn wurdje wol klear hân hawwe, mar net ien wist de wierheid. Of dochs. Ien, fan Jezus seit dizze frou, 'hy hat my ferteld, wat ik dien haw'. Yn alle iepenens en argeleazens. Hy praat it net goed, mar hy docht har ek gjin ûnrjocht. Just oarsom. Hja krijt de romte om op 'en nij te begjinnen. Sa wit se ek, dat hy de messias is, it ljocht fan 'e wrâld. It ljocht kenne jo, as it op jo skynt. Jo sjogge jo eigen werklikheid, sa't er is. Ien dy't wit en sjocht en seit, hoe't jins werklikheid is, dy kin jo ek rêde. Ien dy't deromhinne praat, komt net oan josels ta. Foar rêding is kontakt nedich. Hoe witte wy dat Jezus it ljocht is? As hy op ús libben skynt. As wy ússels weromfine yn syn ferhalen. As wy stil wurde foar him. As wy doare te harkjen, wat hy ús te sizzen hat. De wierheid. Praat dat by jins lâns giet, docht jin sear. Mar de wierheid dy't ús rekket, makket ús ek frij. As wy sjogge hoe't God ús libben sjocht, sjogge wy ek syn djipste bedoeling mei ús. En witte wy, dat dat wier wurdt.

stille

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei 't wurd fan jo genede,
't is klearre sillichheid
dy't foar myn eagen leit,
en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't ien siket
dy't de wierheid doart te sjen
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar dy't ûnrjocht en skande lytshâlde
en net ien doart it te neamen
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

gemeente

en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wij ús eigen wierheid
foar jo en ús neiste doare te toanen,
dat wij de eagen net slute
foar de wierheid dy't oan ús ropt om rêding,
om meiinoar ynhelle te wurden troch jo,

gemeente

dêrom bidde wy mei-inoar,
ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet

gesang 168: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

o Jezus, ljocht foar wat ferlern
de wei net wit en jo net ken,
och dat yntiids in ienlik laam
noch feilich by de keppel kaam

jou jo gened' oan wa't betiisd
taast nei in hân dy't wegen wiist,
as yn 't ferhoalen falske waan
en twivel him mei fûsten slaan

foar wat hjir doarmet fier en hein,
ferwûn' en toarstich en ynein,
bring balsem en jou lafenis,
dat ek foar har in himel is

jou oan 'e dôven it gehoar
en sis de stommen wurden foar
fan leauw' en hope, dat har dei
fan bliid beliden komme mei

o ljocht, jou oan 'e bline ljocht
en rop dy't eigen wegen socht,
bewarje har, ferlit se net
en ban de twivel út har hert

dan geane hja mei ús op paad
nei 't lân dat ús ûnthjitten waard
en sjonge wy de lof fan him
op ierd' en yn Jeruzalem

seine

*foargonger
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

fjirde fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken,
stiet oer my jo geunst te blinken
myn dagen stean yn glânzjend ljocht
as jo, waans each my jimmer socht
yn leafde nei my sjogge,
ik langje, o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earme sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming,
jo ûntferming,
wêz' myn rêste,
as de ierdske ljochten dwêste

antifoan gjinien fan al dy helden koe syn eigen hannen fine

psalm psalm 76: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek fan de tsjerken*

God is by Israel bekend,
op Sion stiet syn hillge went,
dêr yn dy Godsstêd hat hy him
nei wenjen set, Jeruzalim,
naam hy foar kar as syn fermidden,
dêr wurdt syn hege namm' oanbidden

hjr wennet frede, hjir is rêst,
hjr waard de oarlochsfakkel dwêst,
jo, hear, tebrieken mei ien wurd
de bôge, 't skyld en 't bloedich swurd,
jo hearlikheid lit jo ús fiele
op bergen mei jo glâns omstriele

wa't him betroud' op kriichsgeweld,
de dryst' oerdwealske oarlochsheld,
dy't oan jo erffolk him fergriep,
jo sloegen him mei djippe sliep,
ja, wein en hynder binn' as dronken
yn 't djippe fan 'e see weisonken
gean jo mei grime oer ús gear
en sprekk' yn fjoer en tonger, hear,
wy moatt' om jo ûntsachlik dwaan

mei skrik de hân foar d' eagen slaan,
alles falt stil en stiet ferstomme
as jo mei 't oardiel oer ús komme

antifoan gjinien fan al dy helden koe syn eigen hannen fine

I God is ferneamd yn Juda,
II grut is syn namme yn Israel,
I te Salem hat er syn tinte krige,
II op Sion syn wenstee,
I dêr briek er de flitsen fan 'e bôge,
II skyld en swurd, ja alle oarlochsark,
I strieljend kamen jo,
II hearlik fan 'e bergen, besiedde mei bút,
I plondere waarden de heechhertigen,
II se sonken yn in djippe sliep,
I+II gjinien fan al dy helden koe syn eigen hannen fine,
I troch jo driigjen, o God fan Jakob,
II rekken riders en hynders ferdôve,
I ja, ûntsachlik binne jo,
II wa bliuwt foar jo oerein stean as jo grime oplôget,
I jo lieten út 'e himel wei it fonnis hearre,
II de ierde huvere en waard deastil,
I doe't God oerein kaam ta it oardiel
II om alle earmelytsen yn it lân te rêden,
I minsken, hoe grimmich ek, moatte jo loovje
II en de lêste rebellen bringe jo oan jo kant,
I doch beloften oan de heare, jim God, en betelje se,
II jimme tsjinnern fan him, bring de ûntsachlike jim jeften,
I hy bêdet de waan fan 'e foarsten del,
II ûntsachlik dat er is foar de keningen fan 'e ierde

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan gjinien fan al dy helden koe syn eigen hannen fine

psalm psalm 76: 5, 6, 7 en 8, *lieteboek fan de tsjerken*

as rjochter gean jo yn 'e pleit
foar frede en gerjochtichheid,
jo sterke hân ferlost, befrijt
al wa't yn boei en bannen lijt,
jo woenen foar har rêding riede
en kneev'len it geweld op ierde

der komt in tiid dat al jo bern
jo loovj' en alleman jo ken,
sels dy't yn 't alderlêst ferset
jo skoudert en net nei jo heart,
sil lang om let de nekke dûke
en him net oan jo lof ûntlûke

jim folken, dy't hy ropt en stjoert,
lis jim geskinken oan syn foet,
ûntsachlik is syn grutte macht
dy't as in stoarm oer d' ierde slacht,
de foarsten fiele 't oardiel wanken,
God snijt har ôf as moerbeiranken

antifoan gjinien fan al dy helden koe syn eigen hannen fine

lêzing

Jehannes 5: 1-18

Neitiid wie der in feest fan 'e Joaden en Jezus gong op nei Jeruzalem. No wie der yn Jeruzalem by de Skieppepoarte in fiver, dy't yn 'e taal fan 'e Joaden Betzata hjit, mei fiif pyldegongen. Dêrûnder leinen

witfoellicke siken, bliken, kreupelen en lammen. Sa wie dêr ek in man dy't al achtentritich jier siik lein hie. Doe't Jezus dy lizzen seach en fernommen hie dat er al sa lang sa lei, sei er tsjin him, 'wolle jo sûn wurde'? De sike sei tsjin him, 'hear, ik haw gjin minske, dy't my yn 'e fiver bringe kin, as it wetter yn beweging komt, as ik deroan kom, giet in oar ûnderwilens foar my yn it wetter'. Jezus sei tsjin him, 'kom oerein, krij dyn matras op en gear. Fuortynienen waard de man better, hy krige syn matras op en koe gear. No wie it sabbat dy deis. Dêrom seinen de Joaden tsjin 'e man dy't better wurden wie, 'it is hjoed sabbat, jo meie dat matras net drage'. Mar hy antwurde harren, 'dy't my wer better makke hat, dy hat tsjin my sein, 'krij dyn matras op en gear. Se fregen him', 'wa is de man dy't tsjin jo sein hat, krij dyn matras op en gear'? Mar hy wist net wa't it wie, want Jezus wie wei wurden yn it folk dat dêr allegear wie. Neitiid trof Jezus him yn 'e timpel en sei tsjin him, 'sjochris, do bist no wol wer better wurden, mar doch net wer sa ferkeard, oars komme dy slimmer dingen oer'. De man gong nei de Joaden en fertelde harren, dat it Jezus wie, dy't him wer better makke hie. Dêrom hienen de Joaden it op Jezus begrepen, omdat er sokke dingen op sabbat die. Mar hy sei tsjin harren, 'myn heit arbeidet oant no ta troch. Ik arbeidzje ek troch'. Dêrom wienen de Joaden der namste fûlder op om him fan kant te meitsjen, omdat er net allinne de sabbat ôfskafte, mar ek noch God syn eigen heit neamde en dêrmei himsels op ien hichte sette mei God.

meditaasje

Hoe witte wy dat Jezus it is? De wierheid kenne jo, as jo dy sjogge. Mar ek echte macht bliuwt net lang ferburgen. As Jezus op ierde omrint, giet hy syn fijannen net út 'e wei. De wurden fan 'e psalmen, dy't ús dochs wolris wat ûnréalistysk oankomme, binne ynienen wier. Jezus komt syn fijannen wol tsjin. In sykte dy't net oergiet, minsken dy't inkeld om harsels tinke, macht en misbrûk dêrfan. Sa taai as hier en net út te roegjen. Oant Jezus komt. In sykte hat gjin macht mear. Dy't altyd earst wienen, hawwe it neisjen. Lieders steane mei lege hannen.

Sokke wûnders barre noch altyd. Se binne net te bestellen. It lijen en de fragen fan dy't se net meimeitsje binne echt. Mar dat is it libben. Jezus warskôget net om 'e nocht, it kin noch slimmer en dêr hawwe jo sels ek wat oer te sizzen. Mar wol dat sizze dat de genêzing net echt wie? In nuvere logika. Ien genêzing is al bewiis genôch fan Jezus syn macht. Allegear meitsje wy ús wûnders mei. It evengeelje leart ús, wa't dan oan it wurk is. De ûntsachlike dêr't de fijannen foar krûpe. Jezus, it ljocht fan 'e wrâld. Wy hawwe heard hoe't dat ljocht kaam. Troch de tiid hinne klimt it allinnich mar heger. Elk wûnder wol ús fertelle, dat ek wy ien kear yn dat ljocht stean sille, te sjongen en te loovjen.

stilte

mesyk

liet

lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei 't wurd fan jo genede,
't is kleare sillichheid,
dy't foar myn eagen leit
en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't suchtet
ûnder it geweld fan ferskriklike fijannen
en wy roppe,

gemeente

foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar alle minsken dy't lije,
bûge moatte foar sykten en slaggen
en wy roppe,

gemeente

foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

gemeente

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wij de hope fêsthâlde,
dat ús fijannen ferslein wurde,
dat wij troch har hinne sjogge
it ljocht dat har oermânsk is,
Jezus, dy't alle kwea syn plak wiist,
dêrom bidde wy meiinoar,

gemeente

ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet

gesang 170: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

master, de minsken, jong en âld,
komme út stegen en strjitten,
sjoch, dy't jo sykj' oer hiel de wrâld,
geane jo skruten temjitte,
want yn 'e nacht of op 'e dei,
ienkear, o m aster, wiis in wei,
as wy dy sels net mear witte

tink om ús, master, nim de brân
sêft út in dragende wûne,
gean oan ús syd' en lit jo hân
brea mei ús brekk' yn 'e jûne,
sis ús in inkel wurd, mar ien,
dan bin de sûnden ûndergien
djip yn in see sûnder grûnen

master, jo witte fan ús soarch
en hoe't de twivel ús trunet,
jo en jo almacht binne boarch,
dat aanst it ûnwaar belunet,
jo jouwe ljocht, jo jouw' in liet,
as der gjin dei mear ûndergiet
en der gjin stimme mear stunet
ha w' ús yn wurden ek misgien,
't hert hat syn sear oan jo klage,
machtigen haww' in wurd ferstien,
dat alle machten ferjage,
dan wurdt de grutte lyts en stil,
doe't er him oerjoech oan jo wil,
woed er jo namme wol drage

sûnder in lamp en sûnder moarn
taaste wy bang as de blinen,
sjoch hoe't de driften jimmeroan
driig' om ús ek te ferslinen,
kear dan dy't oangiet yn 'e nacht,
kear dan de liuw op wylde jacht,
lit him ús, swakken, net fine

't leauw' en de hope makken bliid,
bliid fan it wurd dat ús rekke,
hawwe wy by de lêste striid
wol mei jo bidden en wekke,
hoeder, och sykje my, dat 'k fyn
en lit in bidler by jo yn,
inkel in miel en in tekken

seine

*foargonger
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

de fyfde fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente yn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen.

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht
as jo, waans each my jimmer socht
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earme sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming,
jo ûntferming,
wêz' myn rêste
as de ierdske ljochten dwêste

psalm psalm 78: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

myn folk, ik wol geheimen iepenteare,
doch d' earen iepen foar wat dy jim leare,
riedslige dingen wol ik fan fertelle,
yn foarfaars wurden, eartiids ús ferhelle,
romrofte deden, dêr't Gods wûndermacht
yn trochklinkt foar it fiere neigeslacht

God hiet ús om de skatten fan de skiednis,
syn tsjûgenis, syn wetten mei earbiednis
te melden en syn heil fan earder dagen
oan bern en bernsbarn suver út te dragen,
sa sil 't bestean, dat hiele Israel
wer weet hat fan it ljocht fan Gods bestel

sa sille hja fan Gods ûntferming witte,
syn deden earj' en him de trou ûnthjitte,
oars as it laach dat foar har tiden libbe,
dat God fersocht en him aloan wjerstribbe,
in skaai dat, wif fan hert en dwers fan trie,
tsjinoer de hear fol wrok en ûntrou wie

antifoan dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

I de Efraimiten,
II dy tûke sjitters,

I+II setten de deis fan 'e oanfal de flecht,
 I sy hawwe har net oan Gods ferbûn hâlden
 II en wegeren neffens syn wil te dwaan,
 I se fergeaten syn deden
 II en de wûnders dy't er har sjen litten hie,
 I foar de eagen fan har foarfaars hie er wûnders dien
 II yn it lân fan Egypte en Sóan,
 I hy spjalte de see en brocht har dertroch,
 II it wetter sette er as in muorre oerein,
 I hy late har mei de wolk oerdeis,
 II mei in fjoerskynsel de hiele nacht,
 I hy spjalte rotsen yn de woestine
 II en joech har de romte fan wetter,
 I út stiennen liet er beken rinne
 II en wetter liet er streamme as rivieren,
 I hja hâlden net op mei tsjin him te sûndigjen,
 II de heechste te ferbitterjen yn 'e woestyn,
 I yn har hert fergen se God
 II troch iten te easkjen nei har begear,
 I hja sprieken op tsjin God,
 II soe God dat kinne,
 I+II in tafel reeskikke yn 'e woestyn,
 I hy hat de rots wol slein,
 II dat it wetter streamde
 I+II en dat der beekjes begûnen te brûzen,
 I mar is er by steat om brea te jaan
 II of syn folk fleis foar te setten,
 I doe't de heare dat hearde, baarde syn grime,
 II syn fjoer lôge op tsjin Jakob,
 I+II syn grime stiek op tsjin Israel,
 I omdat se net op God betrouden,
 II it net op syn útrêding oankomme lieten,
 I lykwols gebea er it swurk dêrboppe
 II en de himeldoarren die er iepen,
 I hy liet it manna op har delreine ta iten
 II en joech har brea út 'e himel,
 I it brea foar de ingels ieten de minsken,
 II hy joech it har, mear as sêd,
 I de eastewyn liet er los út 'e himel,
 II de sudewyn dreau er oan mei krêft,
 I as stof liet er fleis op har reine,
 II wjukkeljende fûgels as sân fan 'e seewâl,
 I hy liet se delkomme midden yn har leger
 II oeral om har tinten hinne,
 I doe ieten se har mear as sêd,
 II hy brocht har wat se begearden,
 I noch mar amper wienen har begearten foldien,
 II se hienen it iten noch yn 'e mûle,
 I of Gods grime kaam tsjin har omheech,
 II en guon fan har sterksten die er de dea
 I+II en jongfolk fan Israel sloech er del

antifoon dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

psalm psalm 78: 12, 13 en 14, *lieteboek foar de tsjerken*

God liet har dagen as in damp ferstowe,
 har jierren jagen hinne, leech fan leauwe,
 as har de dea berûn en bang beneare,
 dan sochten hja wol tahâld by de heare,
 mar loaze lippetsjinst wie yn har hert,
 hja leaven Gods ferbûn yn wêzen net

al hoe ferkeard syn geunstelingen woene,
 har ôffal hat de hear yn leafd' útsoene,
 hy bûn him yn, hy woe har net ferstjitte,
 har wifelsin kaam er mei geunst temjitte,
 hy seach har bang bestean yn 'e woestyn,

in sucht, net mear, ferwaaiend op 'e wyn

hoe bitter moast Gods namme it belije
by dy ferlernen yn 'e woestenije,
hoe fergen hja syn almacht, och, hoe faken
wie 't dat hja Isrels hillige belaken,
him kronken, dy't har wûn en frijkocht hie
en mids fijannich folk har rêder wie

antifoon

dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

I de rivieren dêr feroare er yn bloed,
II de streamen, dat se net mear drinke koenen,
I brimzen stjoerde er, dy't har stieken,
II en kikkerts, dy't har alles bedoaren,
I har gewaaks joech er oer oan 'e kealfretter,
II har gemaak oan 'e sprinkhoanne,
I de wyndrûf fernielde er mei hagel,
II de moerbeï troch de rypkjeld,
I har fee levere hy út oan 'e hagel,
II har bisten oan it himelfjoer,
I syn grime liet er op har los,
II syn ferwoedenens, liikens en ûnheil,
I+II in rige fan ûngeloksboaden,
I syn grime joech er frij bod,
II har libben sparre er net foar de dea,
I+II har bestean joech er priis oan 'e pest,
I al it earstberne yn Egypte sloech er,
II de earsten fan 'e jongerein yn Chams tinten,
I sa hie er syn folk útlaat as skiep,
II as in keppel har fierd troch de wylldernis,
I hy joech har wisse lieding en bang hoegden se net te wêzen,
II want de see hie har fijannen bedutsen,
I hy brocht har nei syn hillich gebiet,
II nei de berch dy't syn rjochterhân wûn hie,
I folken jage er foar har út,
II mei in mjitsnoer ferdielde er har besit
I+II en liet Israels stammen yn har tinten wenje,
I hja lykwols fergen en ferbitteren God,
II de heechste en syn rjochtsregels steurden se har net oan,
I hja waarden ôffallich en dwers as har foarfaars
II en wegeren lykas in bôge dy't net doocht,
I hja tergen him mei har offerhichten
II en nitelen him mei har ôfgodsbylden,
I doe't God dat fernaam, waard er fergrime
II en stjitte Israel fier fan him ôf,
I de wenning fan Sjilo woed er neat mear fan witte,
II de tinte dêr't er ûnder minsken wenne

antifoon

dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

psalm

psalm 78: 22, 23, 24 en 25, *lieteboek foar de tsjerken*

sa wie Gods ark' út Israel ferballe,
syn eareteken moast in oar tafalle,
syn erffolk waard fan fijannen besprongen,
fan fjoer fertard, gjin prysterkoaren songen,
by 't offerstee wie alles út en kâld,
gjin brulloftsljet, gjin trien by jong of âld

doe riisde God oerein as út in slomme,
sterk as in held woe hy syn wurd neikomme
en 't skandefolk dat Isrels Hear behifke,
hy hat it slein en oer de grinzen drifke,
de hear stie op, en nei de einstriid hat
hy Juda's stam ta wenstee útferkard

heech op 'e Sion woe de hear op ierde

himsels in hûs en hillichdom tariede,
hy boud' it himelheech op geve grûnen,
dat Jakobs bern dêr hinnekommen fûnen,
Jeruzalem, it wie him leaf en nei,
hjiir woed er eare wurde dei oan dei

oer al syn folk woe God in kening stelle,
en David waard by skiep en laam weihelle,
in sljochte skeper hie hy útornearre,
dy't oer syn erf en eigendom regearre,
hy hoede Israel mei fêste hân,
froed en oprjocht en joech har weid' en lân

antifoan dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan dochs begrutte it him en hy skonk har de skuld

lêzing

Jehannes 7: 14-36

It feest wie al op 'e helte, doe gong Jezus nei de timpel en joech dêr ûnderrjocht. Doe fregen de Joaden ferheard, 'oe wit dy man dat allegearre, hy hat der ommers net ta leard'? Jezus joech harren ta antwurd, 'wat Ik de minsken lear, komt net fan mysels, mar fan him dy't my stjoerd hat, as in minske Gods wil dwaan wol, sil er wol fan dizze lear witte, oft dy út God is of dat ik út mysels sprek. Dy't út himsels sprekt, dy is út op eigen eare, mar dy't it te rêden is om 'e eare fan dy't him stjoerd hat, dy is betrouber en der sit by him gjin ûnearlikheid by. Hat Mozes jimme de wet net jûn, mar net ien fan jimme hâldt him oan dy wet. Wêrom wolle jimme my fan kant meitsje'? It folk antwurde, 'jo slane troch, wa wol jo fan kant meitsje'? Jezus joech harren ta antwurd, 'no haw ik ien kear wat dien en jimme besauwe jim der allegearre oer. No dan, Mozes hat jimme de besnijenis jûn, sa net, dy komt net fan Mozes, mar fan 'e aartsfaders en jimme besnije in minske ek op sabbat. As no in minske op sabbat besnien wurdt om de wet fan Mozes yn eare te hâlden, binne jimme dan liik op my omdat Ik op sabbat in hiele minske sûn makke haw? Oardielje net neffens de skyn, mar oardielje rjochtfearlich'.

Doe seinen guon fan 'e Jeruzalemmers, 'is dat de man net dy't se fan kant meitsje wolle en no stiet er dêr samar frijút te praten en se sizze der him neat fan. Soenen ús foarmannen dan no wrychtich ek al miene, dat hy de messias is? Mar fan him hjiirre witte wy, wêr't er wei is, mar as de messias komt, sil net ien witte wêr't er wei is'. En Jezus rôp, wylst er yn 'e timpel oan it learen wie, 'my kenne jimme en jimme witte wêr't ik wei bin, dochs bin ik net út mysels kommen, mar op him dy't my stjoerd hat, kin men oan en dy kenne jimme net. Ik ken him al, want by him bin ik wei en hy hat my stjoerd'.

Doe woenen se him oppakke, mar net ien sloech in hân oan him, want syn tiid wie noch net kommen. Mar in hopen minsken ûnder it folk begûnen yn him te leauwen, dy seinen, 'as de messias komt, sil er dan mear tekens dwaan as dizze man dien hat'? De Fariseeërs fernamen, dat der ûnder it folk sa oer him mûskoppe waard, sadwaande stjoerden de hegeprysters en de Fariseeërs der feinten op út om him op te pakken. Doe sei Jezus, 'noch mar in koart skoftsje bin ik by jimme en dan gean Ik werom nei him dy't my stjoerd hat. Jimme sille om 'e nocht om my sykje en dêr't Ik bin, kinne jimme net komme'. Doe seinen de Joaden tsjininoar, 'wêr wol dy man hinne, dat wy him net fine kinne? Hy wol dochs net nei de Joaden-om-utens, om de oare folken te ûnderjochtsjen? Wat betsjut dat sizzen fan him, jimme sille om 'e nocht om my sykje en dêr't ik bin, kinne jimme net komme'?

meditaasje

Noch altyd besykje minsken om Jezus te begripen troch te sjen wêr't er wei komt. Hy wie in Joad, in timmerman, in rabby, in Galileeër. Sa wurdt syn neilittenskip ferklearre. In beweging foar de ienfâldige minsken, of in nije streaming op religeus gebiet, of in Joadske sekte. Want it ferline tekenet ommers de takomst? Jezus sels hat Him tsjin soks altyd fersetten. 'Jim witte net wa't ik bin en wêr't ik wei kom. Lit stean fan wêr't ik hinne gean'.

Jezus wol him net bine litte troch de bannen fan femylje, dingen dy't in kear spile hawwe, minskeskiednis. Omdat hy wit, wat minskeskiednis is en wêr't it jin bringt. Israel brocht syn skiednis fan 'e woestyn yn 'e ballingskip. Fan 'e Griken ûnder de Romeinen. Fan ûntrou yn slavernij.

It bysûndere fan Jezus is just, dat hy net út dy skiednis wei komt, mar deryn stapt. Hy sleept de sûnde net efter him oan, mar komt him tsjin. Dêrom hat net ien fet op him. Dêrom binne de liederen sa lulk. Noch lulker wurde se, as hy net oan 'e kant giet. Minsken geane foar geweld altyd in kear oan 'e kant. Altyd kin sûnde minsken fan 't plak krije, slagget it it ferkearde om jins takomst te tekenjen. By Jezus net, hy bliuwt stean en giet aansjen oars earne hinne. Nei dy lene, dy't wy net kenne.

Jezus komt as in frjemd yn 'e skiednis fan 'e minsken. Hy bliuwt ûnbegryplik en wat mear oft jo fan 'e skiednis kenne, wat mear reden oft jo fine om it mei Jezus te weagjen.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei 't wurd fan jo genede,
't is kleare sillichheid
dy't foar myn eagen leit
en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't fêstsit
oan 'e ferskrikkings fan it ferline
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar alle minsken sûnder takomst
omdat se no al witte hoe't it gean sil
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

gemeente

en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wij it ferline doarre te steuren
en de takomst iepen doarre te meitsjen,
dat wij it stof gjin kening litte
dêr't wy út kommen binne,
mar him dy't kaam
om paad te meitsjen foar it libben,

gemeente

dêrom bidde wy mei-inoar,
ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet

gesang 159: 1 t/m 8, *lieteboek foar de tsjerken*

o hear, sa fier en tichteby,
o makken ús fan sûnde frij
en dêrfandinne sjonge wy,
út genede

jo hawwe sjoen, wat mei ús wie,
yn sûnden dea en sûnder rie,
doe't d' ingel foar Maria stie,
út genede

jo kamen, hear, op heech befel,
as minskesoan op ierde del,
nei 't blide wurd fan Gabriël,
út genede

der wie foar ús in nije dei,
in nije bert', in blide wei,
dy't foar de smelle poarte lei,
út genede

doe hawwe jo, as oars gjinien,
ús rekken by de heit foldien
en foar ús kwea te skande stien,
út genede

en as jo nei de himel gear
en oan Gods rjochterside stean,
dan winne wy oerwinnerslean,
út genede

o Kristus, bring jo keppel gear
ta d' iene tsjerk' en d' iene hear
yn 't iennichst leauw' en d' iene lear,
út genede

jou, hear, dat troch jo wurd en died
de himel foar har iepengiet,
yn wurden foar in ivich liet
fan genede

seine

*foargonger
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

de sechde fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken,
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht
as jo, waans each my jimmer socht,
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earme sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming,
jo ûntferming,
wêz' myn rêste
as de ierdske ljochten dwêste

antifoan jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

psalm psalm 106: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

loovje de hear, want hy is goed,
ûneinich bin syn trou en noed,
wa kin him oait nei wearde tankje,
syn dieden priizje sa't it heart,
heil dy't syn lof yn 't liet ferklankje,
him tsjinje nei syn wurd en wet

lit oan myn each it goede sjen,
't heil fan jo eigen leave bern,
ja, tink oan my yn wolbehagen,
bliuw al jo folk yn leafde nei
en meitsje, hear, dat al myn dagen
har blydskip mines wêze mei

antifoan jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

I wy hawwe meidien oan 'e sûnden fan ús foarfaars,
II wy hawwe mis west en ferkeard dien,
I ús foarfaars yn Egypte
II sloegen jo wûnders gjin acht,
I se tochten net oan jo grutte geunst,
II by de Reidsee setten se it tsjin de heechste yn 'e kant,

I lykwols hat er har holpen om syn namme,
 II om bewiis te jaan fan syn macht,
 I hy bestrafte de Reidsee,
 II dat er droech foel,
 I hy late it folk troch it wetter
 II as wie it in woestyn,
 I hy rêde har út 'e hân fan 'e hater,
 II kocht se frij út 'e macht fan 'e fijân,
 I it wetter bediek har tsjinstanners,
 II der bleau net ien fan oer,
 I doe leauden se syn wurden
 II en hja besongen syn lof,
 I mar al gau fergeaten se wat er dien hie,
 II se wachten syn help net ôf,
 I slim begearich waarden se yn 'e steppe
 II en fergen God yn 'e woestyn,
 I doe joech er har wat se begearden,
 II hy twong it har ta boppe sêd,
 I yn it kamp waarden se oergeunstich op Mozes
 II en op Aäron, de hillige fan de heare,
 I de ierde gong iepen en slokte Datan op
 II en bediek de binde fan Abiram,
 I in fjoer lôge op yn dy binde,
 II de flam fertarde de sûnders,
 I letter makken se in keal by de Hoareb,
 II se bûgden har foar in getten byld,
 I sa ferruilen se har hearlike gloarje
 II foar it byld fan in gers itend beest,
 I se fergeaten God, dy' t har rêde
 II en yn Egypte sokke machtsdieden dien hie,
 I wûnderdieden yn it lân fan Cham,
 II de skriklikste dingen by de Reidsee,
 I doe al woed er har ferdylgje
 II as Mozes, syn útkarde,
 I net as midsmen foar him stien hie
 II om syn ferdylgjende grime ôf te kearen

antifoon jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

psalm psalm 106: 10 en 11, *lieteboek foar de tsjerken*

't beloofde lân, hja telden 't net,
 nei Gods ûnthjit ha hja net heard,
 hja woenen fan syn wurd net witte,
 mar sprieken wrokkerich tsjin him
 en bleauwen yn har tinten sitten,
 oerherrich oan Gods eigen stim

doe kaam in ein oan syn geduld,
 hy woe har straffe om har skuld
 en swarde, dat er har ferdwaan soe
 yn 'e woestyn en skielk har bern
 as balling ûnder frjemden jaan soe
 om noait wer 't eigen lân te sjen

antifoon jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

I ek mei Baäl Peor joegen se har ôf,
 II hja ieten it offermiel foar de deaden,
 I troch har dieden ha se him sa ferge,
 II dat der brik in pleach by har út,
 I mar doe't Pinechas oerein kaam om te rjochtsjen,
 II hâlde dêrmei de pleach ek wer op,
 I him is it as gerjochtichheid oanrekkene
 II fan âlder op âlder, foar ivich,

I by it wetter fan Meariba ha se him terge,
 II dat om har moast Mozes it belije,
 I want dy gong him yn wurden te bûten,
 II sa hienen se him ferbittere,
 I likemin ha se de folken ferdylge,
 II dy't de heare har oanwiisd hie,
 I se fermongen har mei dy naasjes
 II en har praktiken namen se oer,
 I se hawwe har ôfgoaden tsjinne
 II en rûnen sa yn 'e fâle,
 I se brochten har soannen as offers
 II en har dochters ek oan dêmoanen,
 I sa fergeaten se ûnskuldich bloed,
 II it bloed fan har soannen en dochters,
 I+II dy't se offeren oan 'e ôfgoaden fan Kanaän,
 I sa waard it lân skeind troch bloedskuld
 II en waarden se ûnrein troch har wurken
 I+II en bedreauwen ûntucht troch har dieden,
 I doe lôge de grime fan de heare op tsjin syn folk
 II en hy walge fan syn eigen erfskip,
 I hy joech se yn 'e macht fan 'e folken
 II en har haters waarden har oermânsk,
 I de fijannen hawwe har knoeid
 II en se moasten bûge foar har macht,
 I wit hoe faak hat er har wer rêden,
 II mar se bleauwen rebelsk tsjin syn ried,
 I+II dat sa tarden se wei yn har skuld,
 I dan seach er wer nei har need,
 II as er har kriteren wer hearde,
 I hy tocht ta har bêst oan syn bûn,
 II it dearde him oan yn syn grutte geunst,
 I hy liet har wer erbarming fine
 II by al dy't har fuortfierd hienen

antifoon jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

psalm psalm 106: 20 en 21, *lieteboek foar de tsjerken*

ferlos ús dan, o trouwe God
 en jou in omkear yn ús lot,
 och bring ús gear út alle folken,
 dan priizje wy jo hearlikheid,
 dan klinkt ús liet oer loft en wolken
 ta lof fan jo goedgeunstichheid

loovje de God fan Israel,
 loovje de hear nei syn befele,
 ja heech te priizjen is syn namme,
 fan ivichheid ta ivichheid,
 as alle folk, yn lof ûntflamme,
 syn 'amen, halleluja' seit

antifoon jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken
 I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoon jou ús útrêding, ús God, bring ús byinoar út alle folken

lêzing Jehannes 7: 37-52
 De lêste deis, it hichtepunt fan it feest, stie Jezus dêr en rôp, 'as der ien is dy't toarst hat, lit him komme om te drinken. Dy't yn my leaut, sil it gean lykas it skriftwurd seit, streamen fan libben wetter sille út syn binnenst floeie'. Dêrmei doelde er op 'e geast, dy't de minsken krije soenen, dy't yn him leauden, want de geast wie der noch net, omdat Jezus noch net ferhearlike wie. Doe seinen guon út it folk, dy't dy wurden heard hienen, 'dit is wier de profeet'. Oaren seinen, 'dit is de messias'. Wer oaren seinen, 'de messias komt dochs net út Galiléa? Seit it skriftwurd net, de messias komt út 'e neiteam fan David en út Bethlehem,

it plak dêr't David wenne hat'? Sa kaam der twaspjalt ûnder it folk om him. Guon fan harren woenen him oppakke, mar net ien stuts in hân nei him út.

Doe kamen de feinten wer by de hegeprysters en Fariseeërs en dy seinen tsjin harren, 'wêrom hawwe jimme him net meinommen'? De feinten antwurden, 'noch noait hat in minske sa sprutsen, lykas dizze man sprek'. De Fariseeërs antwurden harren, 'hawwe jimme jim soms ek al op 'e doele bringe litten? Is der ien fan 'e lieders fan it folk of fan 'e Fariseeërs dy't yn him leaut? Mar dat naasje, dat de wet net ken, ferflokt binne se'. Ien fan harren, Nikodémus, dy't earder alris by him west hie, sei tsjin harren, 'ús wet oardielet dochs gjin minske sûnder dat men him earst heard hat en fan him fernommen hat wat er docht'? Se joegen him ta antwurd, 'binne jo soms ek in Galileeër? Sykje it mar nei, jo sille sjen, der komt út Galiléa gjin profeet'.

meditaasje

Ljocht is it dúdlikste dat der is. Ljocht hat gjin getugen nedich. As jo deryn steane, sjogge jo alles. Ljocht lit de skaden nei 't ferline flechtsje. Oarsaken binne net belangryk mear. Want as jo sjogge hoe't it echt sit, freegje jo net mear fan wêrom. Sa is it ljocht ek dat God yn ús libben stjoert. Alles wêr't it op oankomt, sjogge jo yn ien kear en jo leare it freegjen ôf. Ien fraach bliuwt: de fraach fan it ljocht sels. De útnoeging om tichterby te kommen, de boarne fan it ljocht te sykjen, efter it ljocht oan te gean. It paad is dúdlik. Mar it paad kin net foar ús rinne, dat moatte wy sels dwaan. Ljocht lûkt alles dat libbet oan. Mar alles dat libbet hat ek in eigen wil. Jo kinne foar it ljocht ek flechtsje. De eagen tichtdwaan. Sizze dat it der net is. Derfoar stean gean en it oaren ûntnimme.

Wêr hinget dat fan ôf? It hat net te krijen mei mear of minder sjen, grutter of lytser ferstân. It ljocht is ommers dúdlik. It giet bûten kinnen of witten om. Macht hat inkeld yn it tsjuster wat te sizzen. De iennichste fraach is, geane jo efter it ljocht oan, of geane jo derby wei? Litte jo jo oanlûke of ôfstjitte? It is in kwestje fan wollen, fan leafde. De beweging nei God ta komt út it hert. As jo dêroer prate sille, wurdt it in leafdesliet. Gjin niget. God stjoert syn wurd, it ljocht fan 'e wrâld, syn namme is Jezus. Mar syn wêzen is leafde. En leafde is it iennichste dêr't hy om komt.

stilte

mesyk

liet

lofsang fan Siméon, steande, gesang 68: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean
nei 't wurd fan jo genede,
't is klare sillichheid
dy't foar myn eagen leit,
en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld,
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't de pine draacht
fan 'e dingen sa't se rinne yn 'e wrâld
en wy roppe,

gemeente foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje o
wy bidde foar alle minsken sûnder romte,
dy't it libben twongen wurdt oer in paad,
dat net goed is foar har om te gean
en wy roppe,

gemeente foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

gemeente

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij ús frij doare te meitsjen
fan it jok fan 'e ferwachting fan minsken,
dat wij minskewurden gjin eare jouwe,
dy't tekene binne troch ûnmacht en sûnde
mar him allinnich
dy't it wurd spriek fan jo frijheid,

gemeente

dêrom bidde wy meiinoar,
ús Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo Keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet

gesang 48: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

ús heit, heech op jo himeltroan,
wy roppe jo deemoedich oan,
wy komme, sa't jo soan ús hiet,
as bern ta jo yn bea en liet,
jou dat de wurden, dit gebed,
ús net ôfgeane boppe 't hert

hear, lit jo namme, grut en goed,
earbied'ge wurde hjir en hjoed,
lit ús net, de godleaz' allyk,
dy namme helje troch it slyk,
mar lit him wêze lamp' en tolk
foar alle earm, ellindich folk

dat hear jo keninkryk dochs kaam
en d' ierde yn besetting naam,
stean mei jo wurd en geast ús by,
brek satans hurde hearskippij,
dat strak jo ryk de jongste dei
yn syn folsleinens komme mei

lit yn dat himelsk ryk, o hear,
jo wil dochs barr' en jimmermear
op ierde wêz' in wûnd're wet,
dy't bynt en yn 'e romte set,
lear ús by freugd' en swierrichheid,
dy wil te dwaan yn hearrichheid

seine

foargonger
gemeente

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

de sânde fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargoner God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht
as jo, waans each my jimmer socht
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast
my, earne sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming,
jo ûntferming,
wêz' myn rêste
as de ierdske ljochten dwêste

antifoan dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

psalm psalm 119: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

wat in gelok foar dyt de rjochte wei
begean' en dy't har hâlde oan Gods wetten,
gelokkich wa't syn foarskrift folgje mei,
dy't him mei ynmoed siket en fan herten,
jo joegen jo gebod, dat wy tenei
ús aloan nei jo rjochtsútspraken setten

och makken jo myn wiffe gongen fêst
yn 't hillich spoar dat my jo wetten wize,
dan haw ik fan gjin skamt' of skande lêst,
mei hiel myn hert haw ik jo namme prize,
as ik jo oardiel ken, dan haw ik rêst,
lit my net los, wol my jo trou bewize

antifoan dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

I hoe kin in jongfeint syn paad suver hâlde,
II allinne troch him te hâlden oan jo wurd,
I ik sykje jo mei ynmoed,
II lit my net ôfdwale fan jo geboaden,
I ik haw jo wurd yn myn hert opburgen,
II dat ik mar net ta sûnde ferfalle soe,

I jo binne heech te priizjen, heare,
II ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften,
I mei myn lippen tel ik se op,
II alle útspraken dy't jo dien ha,
I ik bin like bliid mei de lange rige fan jo útspraken
II as mei alle rykdommen byinoar,
I ik wol oer jo oarders neitinke
II en jo paden achtslaan,
I ik bin bliid mei jo foarskriften
II en nooit wol ik jo wurd ferjitte

antifoon dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

psalm psalm 119: 5 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

jou my it foarrjocht, dat ik libje mei;
jo oarderingen wol ik achteneareje,
lit foar myn eagen, klearder as de dei
de wûnders fan jo wet har oppeneareje,
ik fiel my frjemd, ûnwennich kwyn ik wei,
salang as minsken jo gebod negearje

jo flok rêst op wa't yn har wize waan
har eigensinnich fan jo wegen keare,
nim my de skande ôf, wol geunst my jaan,
ik bliuw sels tsjin 't berie fan hege hearen,
jo wetten trou, dêr wol ik neffens dwaan,
gjinn better riedslju kin ik oait begearje

antifoon dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

I ik haw aloan de dea foar eagen,
II lit my wer libje neffens jo wurd,
I ferhelje ik myn ûnderfinings, jo jouwe my antwurd,
II ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften,
I wiis my de wei dy't jo hjitten ha,
II dat ik oer jo wûnders neitink,
I myn libben raant wei yn ferriet,
II help my oerein, sa't jo tasein hawwe,
I hâld my fier fan it ferkearde paad
II en jou my de geunst om nei jo wet te libjen,
I ik haw de wei fan 'e wierheid foar kar nommen
II en jo rjochtsregels hâld ik foar eagen,
I ik hâld my fêst oan jo útspraken,
II o heare, meitsje my net beskamme,
I ik gean fierder op 'e wei fan jo geboaden,
II want jo meitsje my it hert sa rom

antifoon dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

psalm psalm 119: 9 en 10, *lieteboek foar de tsjerken*

wiis my, o hear, de wegen fan jo wet,
dan wol ik dy oan 't lêste ta betrachtsje,
jou my ferstân en lit myn hiele hert
jou hillich oardiel heech bopp' alles achtsje,
mei tige nocht haw ik my dêr ta set,
jou dan, dat ik foar eigenbaat my wachtsje

jou, dat ik suver ûnderskiede kin,
dat net de skyn myn each en hert behage,
lit elk jo earj, omdat ik holpen bin,
doe't nei de nacht de moarntyd my wer dage,
behoedzje my foar smaad, dy stiet my tsjin,

o, mocht jo trou my sterkje en my drage

antifoan dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

I lit jo geunsten oer my komme, heare,
II en jo heil, lykas Jo tasein hawwe,
I dy't my hunet kin ik dan te reden stean,
II want ik rekkenje op jo wurd,
I nim jo wurd fan wierheid noait út myn mûle wei,
II want jo rjochtsregels, dêr ferwachtsje ik it fan,
I dan hâld ik my jimmer oan jo wet,
II ja ivich en altyd,
I dan gean ik yn 'e romte
II en freegje nei jo oarders,
I dan jou ik oan keningen jo útspraken troch
II en dêr hoech ik my net foar te skamjen,
I dan fyn ik al myn wille yn jo geboaden,
II dêr't ik sa wiis mei bin,
I dan stek ik de hannen wer nei jo geboaden út,
II dêr't ik sa wiis mei bin
I+II en tink ik nei oer jo foarskriften

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan dan stek ik dehannen wer nei jo geboaden út dêr't ik sa wiis mei bin

lêzing

Jehannes 8: 12-20

Doe spriek Jezus harren wer ta mei de wurden, 'ik bin it ljocht fan 'e wrâld, dy't achter my oan komt, sil wis net yn it tsjuster omrinne, mar hy sil it ljocht fan it libben hawwe'. De Fariseeërs seinen tsjin him, 'jo getuge fan josels; jo getugenis jildt net'. Jezus antwurde harren, 'sels as Ik fan mysels getúch, dan jildt myn getugenis dochs wol, want ik wit, wêr't ik wei kom of wêr't ik hinne gean, mar jimme witte net, wêr't ik wei kom of wêr't ik hinne gean. Jimme oardielje neffens de skyn, ik oardielje net ien en as ik al oardielje, is myn oardiel betrouber, want ik stean net allinne, mar hy dy't my stjoerd hat, is mei my. Der stiet dochs ek yn jimme wet beskreaun, dat it getugenis fan twa minsken jildich is. Ik bin it dy't fan mysels getúch, mar myn heit, dy't my stjoerd at, getúcht ek fan my'. Doe seinen se tsjin him, 'wêr is dy heit fan jo'? Jezus antwurde, 'jimme kenne my net en myn heit likemin; as jimme my koeenen, soenen jimme myn heit ek kenne'. Dy wurden spriek er by de skatkeamer, doe't er yn 'e timpel ûnderrjocht joech en net ien griephim, want it wie syn tiid noch net.

meditaasje

Neat fine minsken moaier as dúdlikheid. Grinzen tusken goed en fout. Witte wêr't jo oan ta binne. Sels Gods wurd moat ûnder dat minsklik jok troch. De Messias komt net út Galiléa en oars is it de messias net. Dúdlikheid, dat is alles witte, goed en kwea en dan sels as God wêze. Wêr't dy sucht nei dúdlikens ús bringt, is Israel gewaar wurden. Wat better oft jo witte fan goed en kwea, wat mear kwea en wat minder goed. De iene namme nei de oare komt te fallen en ien kear oer de streek, is foargoed oan 'e ferkearde kant. Kom dan mar werris yn it beloofde lân. Yn ús tiid is it net oars. Alle dagen krije wy mear regels en mear dúdlikens. Alle dagen geane der mear minsken ûnder troch. Wy kinne it allegear útlizze. Dy regel net folge en dêr net om tocht, slim, mar dúdlik. Komme jo dêrwei? Dan binne jo gjin flechtling. Wy moatte it sels witte. Wy binne frij om dúdlikheid te freegjen en ús fêst te hâlden oan regels, oan de streek tusken goed en fout. Mar dan bedarje wy al oan 'e ferkearde kant. Om te fernimmen, dat de grins mar oan ien kant iepen is. God allinnich kin noch mei syn wurd fan 'e oare kant by ús komme. As wy it teminsten talitte, dat de messias út Galiléa komt. Fan God meie wy kieze. Tusken dúdlikheid en ljocht.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, Gesang 68: 1 en 2, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei 't wurd fan jo genede,
't is klare sillichheid,
dy't foar myn eagen leit

en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't it tsjuster fielt
en de kjeld fan in wrâld sûnder jo
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar dy't it hert útgiet
nei frede en rjocht foar alle minsken,
mar de hurdens fan 'e sûnde alle dagen fernimme
en wy roppe,

*gemeente
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

gemeente

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wij it ljocht doare te folgjen
en de paden sykje dêr't it op skynt,
dat wij it wurd talitte yn ús hert,
dat wiist nei himsels en fertelt fan ús heit,
dy't leafde is

gemeente

en inkeld leafde fan ús freget,
dêrom bidde wy meiinoar,
ús eit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet

gesang 48: 5, 6, 7 en 8, *lieteboek foar de tsjerken*

hear, jou ús hjoed ús deistich brea,
bewarje ús foar al wat skea,
wat skeel en skand' ús bringe koe,
foar oarloch dy't ús wanke woe,
dat earmoed net ús doar benei,
noch hongere oer ús komme mei

ferjou ús hear, yn grut geduld,
ús euveldied en alle skuld,

sa't wy ek nei jo wurd en rie,
ferjûn ha dy't ús skuldner wie,
sa sil der frede wêz' en sa
sil leafde 't ryk allinne ha

lied, hear, ús yn fersiking net,
hoe sûnder jo soe oait ús hert
it swiet en fûl fenyn wjerstean,
lit ús de rjochte paden gean
yn leauw' en hoop, de sûnde treast,
ûnder de lieding fan jo geast

ferlos ús, hear, út satans macht,
om ús is alles neare nacht,
fier jo ús, moatte wy hjir wei,
yn 't skynsel fan jo iiv'ge dei,
wy, de ferlosten troch jo hân,
opgeande nei in better lân

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre

gemeente amen

de achtste fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 157: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe blinkt de stjerre fan 'e moarn
ús klear temjitte fan Gods troan,
fol wierheid en genede,
jo, Davids soan, dy't 'k elke dei
myn leave breug'man neame mei,
de kening fan myn frede,
leaflik, freonlik,
ryk en hearlik,
meast begearlik,
myld yn 't skinken
stiet oer my jo geunst te blinken

myn dagen stean yn glânzjend ljocht,
as jo, waans each my jimmer socht
yn leafde nei my sjogge,
ik langj', o heilân, nei jo treast,
nei 't goed dat jo, mei wurd en geast,
my, earme sûnder, dogge,
lied my, bied my
jo beskerming;
jo ûntferming,
wêz' myn rêste,
as de ierdske ljochten dwêste

antifoan fan jo geunst is de ierde fol, ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften

psalm palm 119: 13 en 14, *lieteboek foar de tsjerken*

tink wer oan 't wurd, alear jo tsjinstfeint jûn,
dan mocht myn hert yn lijen hope winne,
'k haw yn ellinde hjir myn treast by fûn,
dat jo geboaden my ta libben binne,
al húnje my oerdwealsken yn har bûn,
jo wurd en wet sil 'k noait fan skiede kinne

ik bin ferbjuster' oer de sûnders, hear,
omdat se jo en jo gebod ferlitte,
jo wetten klink' as lieten yn myn ear,
al moat ik yn 'e frjemdt' as balling sitte,
sels yn 'e nacht sil my jo namme klear
foar eagen stean, noait kin ik dy ferjitte

antifoan fan jo geunst is de ierde fol, ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften

I ik sei, 'o heare, dit is myn diel,
II dat ik jo wurd bewarje mei,
I ik haw jo geunst mei ynmoed socht,
II wês my genedich, sa't jo tasein hawwe,
I ik haw oer myn wegen neitocht
II en myn fuotten de wei fan jo rjochtsútspraken opgean litten,

I ik haw haast makke en net wachte
II mei jo geoaden yn acht te nimmen,
I falstrikken fan 'e sûnders siet ik yn fertiisd,
II mar jo wet haw ik net fergetten,
I midden yn 'e nacht kom ik derôf om jo te tankjen
II foar jo rjochtfeardige rjochtsregels,
I ik fiel my ien mei harren dy't ûntsach foar jo hawwe
II en har oan jo oarders hâlde,
I fan jo geunst is de ierde fol,
II ûderrjochtsje my yn jo foarskriften

antifoon fan jo geunst is de ierde fol, ûderrjochtsje my yn jo foarskriften.

psalm palm 119: 17 en 18, *lieteboek foar de tsjerken*

fan jo geneed', o God, is d' ierde fol,
wat hawwe jo jo tsjinner goed dien, heare,
jou my in suver oardiel, want ik wol
nei jo gebod aloan myn gongen keare,
ear't jo my sloegen, libb' ik dwaas en dol,
mar no gean ik de wei dy't jo my leare

al wriuwe hja my falskens oan en haat,
jo foarskrift wol ik folgje al myn dagen,
't wie goed foar my, dat ik ferneedre waard,
no sykj' ik ljocht by jo yn alle fragen,
want jo gebod falt alles by yn 't skaad,
gjinn skatten jild, dy't sa myn hert behagen

antifoon fan jo geunst is de ierde fol, ûderrjochtsje my yn jo foarskriften

I jo hannen hawwe my makke en tarist,
II jou my ferstân om my op jo geoaden út te lizzen,
I dy't ûntsach hawwe foar Jo, sjogge mei blidens,
II dat ik op jo wurd tidigje,
I ik wit, heare, dat jo rjochtsregels rjochtfeardich binne
II en dat jo my út trou fernedere hawwe,
I lit jo geunst my ta treast wêze,
II lykas jo jo tsjinner tasein hawwe,
I wês barmhertich oer my, dan libje ik,
II want jo wet is myn wille,
I skande oer dy oermoedigen dy 't my falsk beskuldigje,
II ik hâld my oan jo oarders,
I wolkom binne my dy't ûntsach foar jo hawwe
II en dy't weet hawwe fan jo útspraken,
I mei myn hert jo foarskriften trou bliuwe,
II dat ik my net hoech te skamjen

antifoon fan jo geunst is de ierde fol, ûderrjochtsje my yn jo foarskriften

psalm palm 119: 21 en 22, *lieteboek foar de tsjerken*

hear, bring my heil, ik bin jo leafde brek,
jo witte alles wat jo tsjinnens hoege,
myn krêft ferkwynt, ik bin allyk in sek,
in learen sek, dy't yn 'e reek ferdroege,
hoefolle dagen stean' yn jo bestek,
ear't myn ferfolgers foar jo fonnis bûge

no't my ferkearden kûlen groeven ha,
my achtersitte sûnder rjocht of reden,
rop ik oan jo, myn helper, sjoch, hoe't hja
my hast fan d' ierde weiband ha, dy wreden
jo wurd bliuwt fêst, jo trou komt gloarje ta,

'k berop my, hear, op jo goedgeunstichheden

antifoan fan jo geunst is de ierde fol, ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast

II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

antifoan fan jo geunst is de ierde fol, ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften

lêzing Jehannes 10: 7-16

Dêrom sei Jezus nochris, 'wiswier, wiswier, ik sis jimme, ik bin de doar foar de skiep. It binne alle gearre dieven en rôvers, dy't foar my kommen binne en de skiep hawwe net nei har harke. Ik bin de doar; as ien troch my yn giet, sil er behâlden wurde en hy sil yngean en útgean en weide fine. In dief komt inkeld en allinne om te stellen en te slachtsjen en te ferneatigjen, ik bin kommen, dat se libben en oerfloed hawwe meie. Ik bin de goede hoeder. De goede hoeder jout syn libben foar de skiep; mar de arbeider, dy't gjin echte hoeder is, dy't gjin eigener is fan 'e skiep, as dy de wolf oankommen sjocht, naait er út en lit de skiep oan har lot oer en de wolf skuort se mei en jaget se útinoar. Want it is in arbeider en de skiep kinne him net safolle skele. Ik bin de goede hoeder, ik ken myn skiep en myn skiep kenne my, lykas de heit my ken en ik de heit ken en ik jou myn libben foar de skiep. Ik haw ek noch oare skiep, dy 't net yn dizze koai hearre. Dy moat Ik der ek by helje; se sille nei myn lûd hearre en dan sil it wurde, ien keppel mei ien hoeder.

meditaasje

de achtste fesper foar de tiid fan Epifany oant de fjirtich dagen

Alles yn 'e tiid nei kryst draait derom, dat wy de leafde fan God ûntdekke. De ûnsichtbere gloede dêr't it ljocht mei op ierde kommen is. Jezus hat preke, better makke en wûnders dien. Al syn dwaan droech de leafde fan God. Mar it gong derom, dat de minsken dy leafde sels ûntdieken. Untdekkings bliuwe nea sûnder gefolgen, ek dizze net. Leafde komt altyd wat efter wei. In ferhaal, in stoarje, dy't nei syn aard gjin ein hat. Sa't wy ommers sjen kinne oan psalm 119.

Wat leafde siket, is ferkear. In gean en kommen dat noait ophâldt. Jo wolle altyd wol nei dy oare ta en dy oare is altyd wolkom. Sa't God altyd bliid is as wy by him komme mei ús dingen en hy ús hieltyd wer wat meijout. Jezus is de doar, dêr't wy troch yn- en útgeane yn syn hert. Sân kear deis en yn 'e nacht stiet dy doar foar ús iepen. Neat fan wat ús beweecht hoege wy foar God stil te hâlden en altyd wer hat hy ús wat te sizzen.

Wy moatte net te gau miene dat wy witte wat God syn wurd foar ús betsjut. De hiele ierde is ommers fol fan syn geunst. Oeral hat hy wol wegen te rinnen. Jo rinne samar net út syn plan fan leafde wei. Altyd hat hy wat te fertellen, te learen. Syn ûnderrjocht jout gjin diploma's, mar inkeld mear ûnthjit.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

sjoch, hear, jo tsjinner stean,
no mei ik hinnegean,
nei 't wurd fan jo genede,
't is kleare sillichheid
dy't foar myn eagen leit
en 't hert hat inkel frede

in grut en hearlik ljocht
hat ús jo leafde brocht,
't wol folk nei folk beskine,
't bringt Israel behâld
en lit de heidenwrâld
de wei nei 't libben fine

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde

foar elk dy't jo geunst siket
en jo wegen op ierde net fine kin
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar dy't in plak sykje,
dêr't se har gerak krije as bern fan jo
en klopje by ús op 'e doar
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij moedich jo wurd folgje
en tekens sjen litte fan jo geunst,
dat wij jo oarder bringe yn ús wrâld,
dat de minsken jo útspraken hearre,
jo wize wet
dy't ûnderrjocht is foar it libben,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsljet gesang 48: 9 en 10, *lieteboek foar de tsjerken*

it keninkryk, de hearlikheid,
de krêft beheart oan jo, de heit,
dy't mei jo iennichstberne soan
regearje op jo hege troan,
wy witte dat jo geast ús liedt
en ús nei 't ivich libben fiert

amen, dat it sa wêze mei,
al giet ús leauw' in smelle wei,
't sil dije as in mostersied,
as 't yn jo namme giet en stiet,
dan is foar jo, o himelheit,
dit amen kleare wissichheid

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen